

Jierferslach Museum- en Dokumintaasjekommisje 2007

It besikersoantal wie dit jier ferlykber mei dat fan it foarôfgeande jier (dat doe op 1200 siet). Wy wolle dat graach fierder omheech bringe. Yn ferbân dêrmei is troch it Bûnsburo in nije opset makke fan de arranzjeminten. In groep kin in kar meitsje út trije soarten, mei ferskillende priiskaartsjes. It Keatsmuseum docht ek mei oan 'Franeke Kulturstad', dêr't fierder de beide oare stedsmuseums - it Martenahûs en it Planetarium - en de Martinitsjerke en it Gemeentehûs ûnder falle. 'Franeke Kulturstad' hat in folder nei alle reisorganisaasjes yn Nederlân stjoerd mei ynformaasje oer de trije musea en oer (oare) prachtige gebouwen yn Frjentsjer, yn de hope om sa in protte besikers te lûken. 'Franeke Kulturstad' hie fierder yn gearwurking mei it bestjoer fan de Agraryske Dagen in speurtocht by histoaryske gebouwen en de trije musea lâns útset foar de bern fan de basisskoallen fan Frjentsjer e.o. Op de lokaasjes fong in histoarysk figuer de bern, sa'n trijehûndert, op. By ús wie dat Jan Bogtstra, alias de hear R. Bouma, dy't de bern fragen stelde en yn it koart wat fertelde oer it museum. It wie in drokte fan belang en sa koenen wy tebeksjen op in moaie en tige slagge dei.

Ek op in oar front besiket it Keatsmuseum bern oan him te binen. De leskiste 'De keats' is dit jier (definityf) klear kommen en der hawwe daalks

al in pear skoallen gebrûk fan makke. De kiste is bestimd foar de groepen fiif oant en mei acht fan de basisskoallen. De kosten binne € 50,- en mei in gastdosint € 75,-.

Us tentoanstelling 'Fan Lies Souverein oant Afke Hylkema, in heale ieu froujuskeatsen' is op fiif maaie op ludike wize iepene troch de út de Midsieuwen oerkommen Margot van Henegouwen, in baas keatsster yn har tiid. Sy waard dêryn bystien troch Lies Souverein en Afke Hylkema. In protte minsken kamen op dy iepeningsdei om de tentoanstelling te bewonderjen. Jildau en Sietse de Vries, bekend fan Heit en Mem fideo, hienen in dvd makke mei dêrop ynterviews mei keatssters en âld-keatssters, en dy wie foar de oanwêzigen by de iepening in echte eachlûker. Op 29 septimber hâlden de keatssters in reüny en yn it ramt dêrfan hawwe sa'n 165 froulju in besite oan it Keatsmuseum brocht.

De freonen fan it Keatsmuseum hawwe ús finansjeel stipe by de oankeap fan in skilderij fan Hotze Schuil en foar it ynrjochtsjen fan de boppeneamde tentoanstelling. Wy stelle dy stipe fansels tige op priis. Dat jildt ek foar de help fan ús frijwilligers: wy kinne dêr net sûnder.

Fan ferskate minsken hawwe wy dit jier wer dokumintaasje ûntfongen en wy binne ek wer bliid makke mei in stikmannich jubileumboeken. Fierder

hawwe wy in tal prachtige keatsprizen krigen. Tank allegearre!

Mar it is net allegearre moai waar en lange dagen. Sa moatte de objektregistraasje en automatisearing noch begjinne. Ek sit der noch hieltiten net folle avensaaasje yn it finen fan in nij ûnderkommen. Spitich!

Rinske Wiersma
(foarsitter fan de Museum- en Dokumintaasjekommisje)



Leskiste mei de attributen dy't dêrby beare. Foto: Antje Kuipers.